

Provinsjale Steaten
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 18 augustus 2009
Ferstoerd,

Ús merkteken : 00831073
Ófdieling : Kultuer, Taal en Underwiis
Opsteld troch : dhr. S. Akkerman / (058) 292 52 82 of s.s.akkerman@fryslan.nl
Jo merkteken : Moasje 3, 24 juny 2009, 1B Kadernota 2009
Taheakke(n) : Ferdielplan taalnota en evaluaasje 2008

Ûnderwerp : Ferfolch diskusje takomst taalbelied

Achte Steateleden,

Op 6 maaie lêstlyn hawwe jim yn de gearkomste fan de kommisje Boarger en Mienskip, nei oanlieding fan de *'Notysje Oanfalsplan Frysk en oansetten foar takomstich belied'* fan de wurkgroep Oanfalsplan Frysk, in petear hân oer de takomst fan de Fryske taal en de rol fan de provinsje dêr yn.

Fierder is op 24 juny lêstlyn yn de steategearkomste moasje 3 – op inisjatyf fan it CDA – oer de útfiering fan it taalbelied yntsjinne. Jim hawwe dizze moasje wizige oannommen.

Nei oanlieding fan beide boppeneamde saken dogge wy jimme it neikommende te witten.

Per 1 july 2010 sille wy jim in notysje tastjoere wêryn't wy beskriuwe op hokker wize de útfiering fan it taalbelied op de meast effektive en effisjinte foarm stal jûn wurde kin. Yn dy notysje sille wy in beskriuwing jaan fan in taalsintrum lykas beskreaun yn moasje 3.

Yn de tarieding fan de notysje sille wy:

- oerlizze mei de ferskate taalpartijen en -organisaasjes yn Fryslân;
- sjen nei fergelykbere útfieringsfoarmen yn oare regio's mei regio- of minderheidstalen;
- in *SWOT*-analyse dwaan.

Dêrneist sille wy yn de notysje oare útfieringsfoarmen, sis mar alternativen, beskriuwe.

Om úteinlik in definitive kar te meitsjen út de ferskate foarmen stiet foar ús sintraal wat op (middel)lange termyn de meast effektive en effisjinte oanpak foar de provinsje en har boargers is.

Dêrby is it fan grut belang om rekken te hâlden mei ferskate prosessen dy't rinne en dy't op priemmen steane. De resultaten fan dy prosessen bepale neffens ús bot wat úteinlik de meast gaadlike foarm en it bêste beslútfoarmingsmomint is.

1. Takediskusje, Ladders en Stjoergroep Hoekstra

Foar ús leit in besunigings- en taakstellingsdiskusje. De útgongspunten fan de kommisje Ladders hawwe in grutte betsjutting foar de aginda fan dizze diskusje. Ein 2009 sille wy mei jim yn oerlis oer de opsjes en de keuzes. Fan grut belang is om nei te gean en earst ôf te wachtsjen op hokker wize de útfiering fan it taalbelied past yn in breder perspektyf fan mooglike desintralisaasje fan provinsjale taken nei gemeenten. De te kiezen oanpak kin dan ek gefolgen ha foar de wize wêrop't it belied en de útfiering op it terrein fan taal stal krijt. Fierder, op it heden is de Stjoergroep Hoekstra oan it wurk om – as útfloeisel fan it advys fan de Kommissje Ladders – konkrete útstellen te dwaan oangeande de oerdracht fan taken en foegen fan it Ryk nei de provinsje op it terrein fan it Frysk. Ein 2009 sil it advys ferskine. It resultaat fan de stjoergroep is mei liedend by de nisneamde notysje.

Hjoeddeistich taalbelied

It hjoeddeistige taalbelied rint formeel oant en mei 2010. Lykas beskreaun yn it Kaderbrief 2010 wolle wy graach it taalbelied mei *ien* jier ferlinge sadat yn 2011 de nije steaten fan Fryslân beslute kinne oer it ferfolch.

Op himsels hoecht dy omstannichheid jim net yn de wei te stean om earder al in beslút te nimmen oer de útfieringsstruktuer, mar om reden fan yntegrale beslútfoarming liket it ús goed ta dat in definityf beslút datoangeande yn 2011 plakfine te litten.

Berie foar it Frysk

Wy hawwe yn de plenning stean om yn de twadde helte fan 2010 te kommen mei in evaluasje en in steate-útstel oer it al as net kontinuearjen fan it Berie foar it Frysk. Nijsgjirrich foar jim is yn dat ferbân de fraach op hokker wize it plak, de kennis en de kunde fan in Berie yntegrearre wurde kin yn de útfiering fan it provinsjaal taalbelied en hokker konsekwinsjes dat hawwe kin foar it fuortbestean fan it Berie yn 'e hjoeddeistige foarm. Wy komme dêr letter graach op werom.

BFTK

Ein 2010 rint de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2010 (BFTK) ôf. De BFTK, dy't mei-inoar 108 ôfspraken tusken Ryk en provinsje omfiemet, is op 't heden foar it Ryk en ús liedend foar de besteande provinsjale beliedskoers en de útfieringsstruktuer fan it provinsjaal taalbelied.

Yn 2010 wolle wy yn nau oerlis mei it Ryk te set oer de fraach op hokker wize de gearwurking mei it Ryk trochset wurde kin om part III fan it Europeesk Hânfest foar regionale en minderheidstalen te realisearjen. As de kontoeren fan dy gearwurking sichtber binne, hat it neffens ús doel om in beslút ta te rieden én te nimmen oer de takomstige provinsjale útfieringsstruktuer.

Foar kundskip – en nei oanlieding fan ús tasizzing fan 6 maaie lêstlyn - stjoere wy jim mei dit brief it *Ferdielplan taalnota en evaluaasje 2008 en dy't yn ús gearkomste fan 31 maart 2009* lêstlyn fêststeld is.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

J.A. Jorritsma, foarsitter

dr. G.P.F. van den Boorn rm, sekretaris a.i.